

LITURGY snein 30 maart 2025

Foargonger: dû.: W. Veltman, Reitsum

Orgelist: Jelle Visser

Alderling fan tsjinst: Wytske Zandstra

Beamer tsjinst: Mienthalbe en Theunis Westerhof

Sjonge foar de tsjinst Liet 542 : 1,2,3 en 4

1. God ropt de minske op wei te
gean.

Dy fuotreis hat in priis:
'Ferlit dyn leaf besit en gean
nei 't lân dat Ik dy wiis.'

2. It folk fan God wie fjirtich jier
– in minskelibben lang –
op wei nei it beloofde lân,
it lân fan Kanaän.

3. Hear, jou dat wy ek moedich
gean
troch wrâld en wyldernis
en dat jo Soan in lôgjend fjoer,
ús nije Mozes is.

4. Oan Heit en Soan en Geast de
ear,
de God yn wurd en died,
Hy dy't foar 't earste minskepear
al in belofte wie.

Wolkom en meidielings (âlderling fan tsjinst)

Sjonge Psalm 122 : 1 en 2

1. Wat wie ik bliid doe't ik de
rop
wer hearre mocht: 'Wy steane
klear
om nei de timpel fan de Hear.'
Heech sprong de wille yn my op.
Jeruzalem, o gouden dei,
as ik dyn poarten yngean mei,
om dy, o Godstêd, wer te
moetsjen!
Jeruzalem, my sa fertroud,
hoe deugdlik binn' dyn wenten
boud,
pracht fan in stêd dy't wy
begroetsje.

2. Sa gongen op Gods heech
befel
de stammen iuwenlang ús foar,
sa folgje wy dat hillich spoar,
in foarskrift foar hiel Israel.
Jeruzalem, o gouden dei,
as ik dyn poarten yngean mei,
om mei al 't folk ús God te
earjen!
Sûnt Davids tiid stiet dêr de
troan,
syn neigeslacht fan heit op soan
sil dêr nei 't rjocht fan God
regearje.

Momint fan ynkear

Us Help en Groet

Sjonge: Psalm 122 : 3

3. Freegje _om de frede foar dy stêd,
bid dy't dêr wenje wolfeart ta;
lit dy't dy leavje frede ha
en rêst, omdat de Hear dy rêdt.
Jeruzalem, o gouden dei,
as ik dyn poarten yngean mei,

mei al Gods folk ûnder syn
hoede!
Om broer en freon dy't ik dêr
fûn,
om 't hillich hûs fan Gods ferbûn
sykje _ik aloan foar dy it goede.

Ynliedend wurd Gebed om ûntferming

Sjonge Liet 556 : 1, 2, 3 en 4

1. Al wat fan-âlds al oer ús
opskreaun is
sill' Jo folbringe dizze lêste
dagen,
alle geboaden wolle Jo foldrage,
alle besiking fan 'e wyldernis.

2. Gods skepping dy't foar
minsk sletten bleau
ûntslute Jo, Jo iepenje ús herten,
dy't soan fan David binne _en
man fan smerten,
kening fan Joaden, dy't de dea
ferdreau.

3. Jezus, de flam fan jo
oanwêzichheid
sil yn ús hert in freugdefjoer
ûntstekke,
Jo geane _ús foar, Jo sille _ús net
ûntbrekke,
Jo, hegepryster yn der ivichheid.

4. Jo ûnderhâlde _it fjoer fan ús
bestean,
fan Jo ha wy it libbensbrea
ûntfongen,
ús is in lofliet jûn om bliid te
sjongen,
Jo woll' foar ús de wei fan 't
offer gean.

Gebed by de iepening fan it Wurd

Film op de beamer en dernei gean de bern nei de bernetsjerke

Lukas 15: 11 – 32 Nije Fryske Bibeloersetting

Sjonge: Liet 185 : 1,2 en 3

1. In jonge dy't om fierrens woe,
en miende dat er 't meitsje soe,
ferliet syn hús, syn heil en hâld
en foar him lei de wide wrâld.
Sa rekke hy syn rykdom kwyt,
ja ek syn eigensinnichheid.

No hat er as in skurve hûn
it hús dat hy ferliet wer fûn.

refrein:

It feest kin begjinne, de soan is werom:
fersier it dêrbinnen mei blommen en kom!
Gjin tiid mear foar triennen, fertel it rûnom:
It feest kin begjinne, de soan is werom!

2. Dei jonge dy't om fierrens teach,
dyn heit ferwachte dy, hy seach
sûnt jier en dei al nei dy út.
Wêrom kniepsto der tuskenút,
wylst dêr neat oars te winnen wie
as lege ieren en wat strie,
sa djoer betelle, fier fan hús.
Hjir stiet dyn heit: wês wolkom thús.

refrein

3. Dei jonge mei dyn lytse hert,
do woest dyn part, ik wegere net.
Thús komsto mear as ta dyn rjocht
en wa't yn dy syn freon net sjocht,
fynt hjir by ús gjin fleur en tier,
oan eamelters ha wy it mier.
Kom, sjong en dûnsje, 't feest giet oan,
it feest foar de ferlerne soan.

refrein

Preek

Sjonge: Liet 896 : 1-7

1. Wa soe it jild ferlieze,
foar lea en lafenis
en dan net dagen sykje
oant it weromfûn is?

3. Wa soe syn God ferlieze
en sykje net, sawier,
yn himel en op ierde,
gjin fierte giet te fier.

2. Wa soe in bern ferlieze
en sykje net oeral
mei hannen, eagen, earen
en triennen sûnder tal?

4. As 't sa giet by de minsken
en sykjen is har lot
en fine is har winskjen,
dan namste mear by God.

5. Hy hâldt fan ús. Fan fierren
kin Hy ús swalkjen sjen
en leaver as de stjerren
is Him in minskebern.

6. En ear't wy om Him sykje
binn' wy al socht troch Him
en no't wy om Him roppe
jout Hy ús dizze stim.

7. Wa't dit betrouwen jûn is
fernimt de Hear oeral
yn wurden rûnom fûn en
yn minsken sûnder tal.

Tankgebed - foarbeden - stil gebed – miensk. Us Heit

Kollekte

De bern komme werom yn'e tsjerke

Slotliet: Liet 546 : 1- 5

1. Wês bliid, wol sjonge, midden
yn it lijen,
wês bliid, jim libben is net om 'e
nocht!
De kening sil de fredesstêd
befrije
en de woestyn bloeit dat it sa wat
docht!

2. Jeruzalem, wês wiis mei
jimme frijdom,
stêd fan de Hear, te loovjen
sûnder ein!
Mei 't each omheech ferwachtsje
wy dyn takomst:
ús mem, oan alle bern fan God
fersein.

3. Jeruzalem, de stêd fan Gods genede,
sjocht út nei in bestean fan hegerhân.
De Soan bringt fan omhegen ús de frede,
dan wurdt de ierde rûnom heitelân.

4. Dêr sil syn seine hieltyd fierder wreidzje,
gjin minskebern hat noch tekoart oan brea.
Sa sil God it de lêste dagen meitsje.
Sjoch nei de loft, syn dage is blijread!

5. Jim dy't noch midden yn it lijen sitte,
hâld moed, want jim befrijer komt deroan.
Jim sille dizze tiden aanst ferjitte,
want as Hy komt, dan wurdt it libben skoan!

Sinding en Seine
beantwurdzje mei

Liet 431C Amen, Amen, Amen